iuw troch de East-Friezen befolke waarden. Doe ûntstie it Noard-Frysk. Omdat it Noard-Frysk ek 2 ynfinitiven hat, moatte de twa ynfinitiven der foar de 8ste iuw al west hawwe. Oars soe it tafal wêze dat it Noard-Frysk twa ynfinitiven hat, krekt as it East-Frysk en ús Frysk, it Frysk sprutsen yn Nederlân.

It is al frij lang bekend dat alle Fryske talen *twa* ynfinitiven hawwe. De ferneamde taalkundige Joast Halbertsma hat dêr yn 'e midden fan 'e 19de iuw al op wiisd. It is fierders ek noch wol aardich om te fertellen dat de West-Fryske dialekten sprutsen yn it hjoeddeiske Noard-Hollân ek noch twa ynfinitiven hawwe. Dat is in typysk Fryske eigenskip dy't bewarre bleaun is doe't de West-Friezen op it Hollânsk oerstapten. Lyksa fertoane de West-Fryske plaknammen noch in protte oerienkomsten mei de plaknammen fan ús Fryslân, fan Grinslân, fan East-Fryslân en fan Noard-Fryslân.

* *Dr. Eric Hoekstra (It Hearrenfean, 1960) is sûnt 1999 as taalkundich ûndersiker ferbûn oan de Fryske Akademy en fierders aktyf as oersetter, skriuwer, dichter, literatuerkritikus en kollumnist. Hy promovearre yn 1991 oan de Ryksuniversiteit fan Grins. Wy sizze him tige tank foar syn nijsgjirrige bydrage(n) oan* Nij Frisia.

Eric Hoekstra ferliket it Frysk mei oare besibbe talen ...

70 JIER NEI KNEPPELFREED FALT DER FOAR IT FRYSK NEAT TE FIEREN

Gabor Landman*

Op 16 novimber fan dit jier [2021] fierde Pier *yn koproduksje mei* De Harmonie *yn it Paleis fan Justysje te Ljouwert ta gelegenheid fan it 70ste jubileum fan Kneppelfreed it toanielstik* Kneppelfreed *op. De foarstelling hie de foarm fan in bysûndere rjochtsaak dêr't de Fryske taal en de Fryske identiteit yn terjochtsteane. By dy foarstelling wiene ek mear as 20 tolken fan de Oarder fan Registertolken en -oersetters oanwêzich.*

Op papier is der foar de Fryske taal en identiteit in protte feroare sûnt 1951, doe't sjoernalist Fedde Schurer him yn it Paleis fan Justysje ferantwurdzje moast foar in haadredaksjoneel artikel, dêr't er him yn útspriek tsjin it ferbod om Frysk yn 'e rjochtseal te praten. Doedestiids waarden der bûtendoar kneppels, motorfytsen mei sydspan en wetterkanonnen ynset om de demonstranten te bestriden.

Dat wie it begjin fan de emansipaasje fan it Frysk. Yntusken wurdt de Fryske taal beskerme troch wetten lykas it *Hânfêst fan regionale talen* en it *Ramtferdrach* fan Straatsboarch, en tagelyk de *Wet gebrûk Fryske taal* en fansels troch de anty-diskriminaasjebepalings lykas kêst 1 fan de Grûnwet en kêst 14 fan it *Europeesk ferdrach ta beskerming fan 'e rjochten fan 'e minske.*

Taalrjochten binne yn de Europeeske Uny bûtengewoan wichtich, om't se ek in garânsje binne foar de Europeeske yntegraasje. Benammen nei it etnyske esjek fan Joegoslaavje wiene taalrjochten in wichtich betingst foar Europeeske yntegraasje. Dat is problematysk as taalrjochten net neilibbe wurde, omdat it unike ferskate karakter en de ynklusive identiteit fan de Europeeske Uny ferdizenje sil as de taal en identiteit fan autonome minderheden net beskerme wurde.

Mr. drs. Fedde B. Dykstra hat sels mar in dûbeldtalich stimpel meitsje litten, omdat de rjochtbank dat net docht (foto: F. Dykstra).

By it toanielstik *Kneppelfreed* waard de taskôger der fyntsjes op wiisd dat der sprake is fan tsjinstridigens as men as rjochter yn jins toga nei Poalen giet om te protestearjen, wylst der yn jins eigen lân ek grûnrjochten skeind wurde.

Ik wie sels tsjûge fan krityske lûden oangeande dy grûnrjochten by in sitting fan de Ried fan Europa op 5 oktober yn Boedapest, dêr't njonken Gaugazen út Moldaavje, etnyske Roemenen út Oekraïne en etnyske Hongaren út Transsylvaanje ek etnyske Friezen harren soargen uteren oer it ûnfoldwaande neilibjen fan harren taalrjochten.

Krekt dêr stiket it. De praktyk fan de Fryske taalrjochten stiet heaksk op alle bepalings op papier. Sa binne, troch it belied fan it ministearje fan Feiligens en Justysje, de fergoedings fan tolken en oersetters sa min dat der gjin Fryske tolken mear beskikber binne om dy taalrjochten te garandearjen.

Mr. drs. Fedde B. Dykstra is linguïst, jurist en beëdige tolk/oersetter Dútsk en Frysk en hat op sneon 27 novimber 2021 yn it skoft fan de 'Fedde Schurerlêzing' yn Ljouwert in 'Fear yn 'e broek' (in mei de hân ynkleure, orizjinele linofyk fan byldzjende keunstner Fedde Hoekstra as priis en in oarkonde) krige fan de Ried fan de Fryske Beweging, ornearre foar persoanen en ynstellings dy't har tige fertsjinstlik makke hawwe foar de Fryske taal en kultuer.

Fierders hat de FNP op 15 novimber lêstlyn de ministers Grapperhaus en Dekker yn fersom steld foar it net op 'e tiid yngean litten fan it nije kêst 14 fan de *Wet gebrûk Fryske taal*, dat al sûnt 1 jannewaris 2014 fan krêft is. In nij rapport fan de Ried fan Europa oer it neilibjen fan de Fryske taalrjochten sil nei ferwachting ek wer nuten kreakje.

En dat wylst de posysje fan it Frysk no al soarchlik is. Hoewol't it wol de twadde rykstaal is, stiet der gjin wurd Frysk yn it Nederlânske paspoart, in flagrant skeinen fan kêst 1 fan de Grûnwet. De wurden *Keninkryk fan 'e Nederlannen* steane ommers wol yn it Estsk yn it paspoart, in taal dy't noch troch gjin 0,2 prosint fan befolking yn 'e Europeeske Uny sprutsen wurdt. Plysjeauto's en plysje-unifoarms binne ek ientalich yn Fryslân, der steane sels gjin Frysktalige buorden op de gevel fan de rjochtbank. De rjochtbank brûkt ek gjin twatalige stimpels.

Eins falt der sadwaande 70 jier nei *Kneppelfreed* net folle te fieren foar it Frysk.

* *Gabor Landman – It artikel is publisearre yn de* Linguaan, *it fakblêd fan it* Nederlands Genootschap voor Tolken en Vertalers *(NGTV), fan 24 desimber 2021 en mr. drs. Fedde Dykstra hat ús it frij jûn om it fierder te fersprieden.*

Drs. Gabor Landman is beëdige tolk en oersetter Hongaarsk en wennet yn Amstelveen (webside: http://www.sapientiaconsulting.nl/).